

# Yn it spoar fan Hieke

## Boelsma brocht War Horse op in idee

Njonken Sjirk van der Land wenne Jehannes Boelsma. Hy wie boer en liet in part fan it wurk oer oan it leanbedriuw fan Yke en Gelf Swart, dy't in Guldner trekker hienen. Mochten wy op meiride. Mei myn kameraad Eling Koopmans helle ik mei in karre by Boelsma altiten de lege doazen fan de feekoeken op, om mei te boartsjen. Ik sil grif fan dy aktiviteit in tik oerhâlden ha, want ik bin al jierren de ayatollah fan it âld papier yn it Westeinde yn Ljouwert.

By de befrijdingsfeesten yn 1945 kamen Boelsma en syn beide skoansoanen - Klaas Kuperus fan de smid en Rinke Bosma fan de stukadoar - mei in bjusterbaarlike act foar it ljocht. De beide mannen kropen yn de hûd fan in selsmakke hynder. Ien rûn rjochtop en hie de hynstekop op syn holle, de oare lei de earms by him op syn skouder en rûn der krom efteroan. Boelsma stie dernjonken mei bolhoed en swipe. De act sloech oan, mar oh wat hienen dy beide mannen it waarm yn dat hynder. It kin hast net misse, soe men sizze, dat de lju fan de musical War Horse, dit opmurken ha doe't se harren hynder yn elkoar setten. Dêr rinne ek twa man ûnder in hynder de piste binnen. It wie okkerdeis noch te sjen op de showjûn fan de hynstekeuring yn it WTC/EXPO yn Ljouwert. Sântich jier nei't yn Wikel it keuntske fertoand wie. Wa hie ea tinke kinnen dat sa'n stikje Wikelder kréativiteit no foar bêst opslacht yn theaters as Carré, Nieuw Luxor, Chassé, mar ek yn Grins, Apeldoorn, Heerlen en sels yn Antwerpen.

Nei Boelsma waard Harkema, in Grinzer, der boer, no ja boer...Hy sette it weinhok - no fan Kobus - fol mei tsjerkoargels. Dat wie de man syn passy. As lei der ek ko yn it lân te kealjen, Harkema wie net efter it oargel wei te slaan.

Oan de oare kant fan de Jachtlustwei stie it timmerbedriuw fan Duije Visser. Duije wie njonken oannimmer ek in warber lid fan Melodia. Neffens my spile hy op de tuba, yn elts gefal yn de efterste rige fan it korps, yn de buert fan Diks Haagsma mei syn machtige bas. Yn 1939 hat myn omke Pyt tusken Duije en it kafee in hûs sette litten. Dat is

letter ferhierd oan Eling Koopmans, de pake fan myn maat. Koopmans wenne dêr, nei't hy widner wurden wie, mei syn húshâldster Djoeke Visser. Nommele, rêstige minsken dy't fakentiids pakesizzers krigen te útfanhúzjen, bern fan myn leeftyd, wer't ik letter noch út en troch kontakt mei hie. No noch sels, want op de parsetribune fan Cambuur rin ik Minne Modderman wolris tsjin it lyf. Hy is dé man fan de skiedsrjochters yn it Noarden. Hy moat wat der by Cambuur fluitet beoardiele. Minne is troud mei in pakesizzer fan Eling Koopmans en dan ha wy it der noch even oer. Ik ha der lang oer tocht hoe't ik Cambuur yn de Wikelflecht promoate koe tusken al dat dkv-geweld, no sa dan....'Voor de vreemdeling in Jeruzalem' dkv stiet foar dertig kilometer verderop, sa neame Ljouwerters SC Heerenveen.

Letter mear

Willem Stegenga